

Al dizze aktiviteiten wienen yngripend, mar joegen wol nearing. Al dy wurknimmers moasten fersoarge wurde en joegen wurk foar de eilanners. Dat wie ierappelskilen, waskje, mar ek de tariedings fersoargje fan Führerbesites en oare grutte nasjonaal-sosjalistyske gearkomsten. Der waard teater en muzyk foar de manskippers fersoarge. 'Kraft-durch-Freude' deitoeristen dy't der noch al kamen, brochten weinich yn it laatsje en ferbjusteren harren oer al dizze aktiviteit. Mar al gau, 1 septembar 1939, breek mei de oanfal op Poalen de oarloch út en wie it dien mei it toerisme. Ek it fiskjen waard slim hindere troch alle nije dammen, fersperrings en bouaktiviteiten. Hilgelân wie no hielendal rjochte op it bouwen fan de gigantyske militêre wurken, it fersoargjen fan de tûsenen manskippers en de tariedings foar de oankommende kriich.

### **5.11 - De Twadde Wrâldkriich op Hilgelân**

De befolking wurdt net, lykas yn de Earste Wrâldkriich, evakuearre. Harren tsjinsten op it eilân binne hurd nedich om it grutte tal manskippers op it eilân te foarsjen fan harren deistige rêding. In grut tal skippen leit yn de haven te wachtsjen om út te farren foar de ynvaazje fan Ingelân, dy't nea plakfine soe. De ûnderseeboatfersoarging hat yn de earste pear oarlochswinters noch wol betsjutting, want der is swiere iisgong yn de havens op it fêstelân. Letter sille dizze lykwols mear fanút foarútskowde posysjes lykas Frankryk en Noarwegen operearre. It projekt Hummerschere wurdt yn 1941 stillein, mar op 'e Hallem wurdt lykwols drystmoedich fierder boud oan it fleanfjild, dat pas yn augustus 1942 operasjoniel is. It beslacht dan it hiele eilantsje en is mei lanningsbanen oan't 800 meter lang folle grutter as it hjoeddeiske fleanfjild. Oeral wêr mooglik wurde Dútske arbeiders en personiel ferfong troch bútelânse twangarbeiders en kriichsfinzenen. De Dútske manlju moatte ommers ûnder de wapens, fral nei it eastlik front. Ek de manskippers fan de 'Seefestung' wurde foar in grut part ferfong troch genêzjende of revalidearjende offisieren en ûnderoffisieren mei jonge learlingen en skoalbern (Hitler-Jugend), sa folle mooglik stipe mei ynset fan Russyske en Ukraïnske kriichsfinzenen as munysjdraggers.

It docht al gau bliken dat de alliearden it swier fersterke Hilgelân leaver út de wei geanne dan in konfrontaasje te sykjen. Mar yn maaie 1941 is der in earste oanfal mei seis Ingelske fleanders dy't it eilân bombardearre. Yn augustus is it wer raak. Ferskate hûzen en it museum hawwe skea en guon ynweners reitsje wei. Men beslút skoalbern, dosinten en de memmen foarearst yn feiligens oer te bringen nei Beieren en Saksen, oan't der in skûlkelder foar de befolking ree is. Dy wurdt mei ynset fan twangarbeiders troch de beruchte 'Organisation Tot' yn de rotsen fan Hilgelân oanlein en is ek

hjoed noch te besichtigjen. De memmen en bern kinne wer werom. Twa jier lang soenen der gjin fierdere oanfallen mear wêze.

Nei ferrin fan tiid nimt de driiging fanút de loft fierder ta. De 'Battle of Britain' wurdt yn 1941 in drama foar de Luftwaffe. Nei de Japanske oanfal op Pearl Harbour slúte de Amerikanen harren oan by it alliearde front. It Dútske front yn it easten stúket en freget mei prioriteit sawat alle fleantúgen fan de Dútsers dy't noch fleane kinne. De alliearden krije hieltyd mear oerwicht yn de loft fan it westlik front en Hilgelân leit op de oanfleanrúte fan noardlik Dútslân en Berlyn. Grutte mannichten Ingelske en Amerikaanske bommenwerpers fleane hast deistich oer. De Hilgelanner famyljes laten yn dy tiid in libben tusken hûs en bunker. Elts hie syn eigen plak earne yn de tunnels. It ferskúl sykjen waard deistige routine. Yn 1943 waarden radarynstallasjes op Bopperlun ynstalleard, dy't 20 minuten fan te foarren alarm joegen foar oankommende bombardeminten op it fêstelân. Gâns minsken op it fêstelân sille hjir harren libben oan te tankjen hawwe, want sawat alle grutte steden yn noard-Dútslân, mei grutte havens en yndustry, waarden oanhâldend bombardearre. De pear fleantúgen dy't noch op 'e Hallem stasjonard wienen koenen net folle útrjochtsje tsjin dizze oermacht.

By in protte minsken sille der doe al grutte twifels oer de einoerwinning fan Hitler west hawwe, fral nei de mislearre fjildtocht tsjin Stalingrad, dêr't yn jannewaris 1943 in hiel leger ynslúten waard en yn ien kear 600 000 Dútske kriichsfinzenen nomd binne troch de Russen. Dy twifels blike litte wie lykwols strang ferbean en libbensgefaarlik, sa't kapper Heinrich Prüss ûnderfine soe. Hy wie in bliere man dy't syn gedachten oan elts, dy't it hearre woe, blike liet. Hy makke politike grappen en sei wol ris foar de grap tsjin oare Hilgelanners 'Heil Moskau'. Oan guon klanten liet der iepenlik witte dat hy twifele oan de einoerwinning fan Dútslân. Hy waard der wol ris foar warskôge en waard yn de gaten holden, mar dat liet him net ôfskrikke. Nei't er nei in luchalarm fan de bunkers wer nei hûs ron op 8 oktober 1943, hast in deistige routine yn dy dagen, waard er oppakt troch de Gestapo, dy't der spesjaal foar oerkaam wie. Hy wurdt yn Berlyn feroardield en op 14 augustus 1944 eksekuteard. By de apotheek op Bopperlun stie froeger syn saak. In tinkstien yn de stjitte ('Stolperstein') herinnert oan syn tragyske lot.

Hilgelân waard as 'Frontgebiet', sjoen de oarlochs-omstannigheden, goed foarsjoen fan iten en oare deistige needsaaklikheden. Neist 2000 ynwenners ferbleaunen der net minder as 4000 militêren en arbeiders op it lytse eilân. De befolking hat nea hongere. Dat wie oars foar de kriichsfinzenen en twangarbeiders dy't op it eilân ynternearre

wienen. Oer harren lot is net folle bekend en yn in protte teksten oer de skiednis fan Hilgelân wurdt der hast of alhiel gjin oandacht oan harren bestege. It wer opbouwen en útwreidzjen fan de Festung wie in reusêftich projekt dat hiel wat grûnstoffen en arbeiders frege. Ek de skûlbunkers, dêr't de Hilgelanner befolking it swiere bombardemint mei oerlibbe hat, is oanlein mei ynset fan twangarbeiders, dy't der lykwols sels net yn skûlje mochten.

By it útbrekken fan de oarloch waarden de militêren en jongere arbeiders oproppen foar tsjinst yn it bûtenlân. Kriichsfinzenen út Ruslân en Ukrayne waarden nei Hilgelân helle en twongen om it swiere en gefaarlike wurk te dwaan. Yn de earste oarlochsjierrren waarden sa'n fiif miljoen soldaten fan it russyske Reade Leger finzen nommen, dy't sûnder beskerming fan it oarlochsrjocht as bisten yn grouwelige kampen oerlibje moasten mei fiersten te min iten. Faak hienen se gjin skûlplak en moasten se sels harren hoalen grave tsjin de kjelt. Fan dyjinge dy't dizze earste kampen oerlibbe hienen, waarden twangarbeiders selekteard troch 'Organisation Todt', siz mar de grutoannimmer fan de Nazi's, en ferparte oer tûsenen wurkplakken yn it hiele Nazy-ryk, werûnder ek Hilgelân. Under de sa'n 500 dy't op Hilgelân telâne kamen wienen in protte offisieren en ek gâns dêr't fan oantekene waard dat se flechtgefaarlik wienen. Op it lytse eilân, dat groatfol militêren siet, koenen se gjin kant út. Fanôf ein 1943 kamen hjir hûnderten Italiaanske militêren by, dy't nei de wapenstilstân fan Itaalje mei de alliearden fan de Dútsers ek ta twangarbeid ferplichte waarden. Se slepten yn barakken op Bopperlun and Deelerlun.

Yn 1944 kamen finzenen dy't nom wienen troch de Gestapo út Nederlân, België en Frankryk hjir noch by. Dat wienen dyjinge dy't wegeren foar de Dútsers te wurkjken en oare politike finzenen. Se kamen fan kamp Amersfoort, Norderney, Stade, Cuxhaven en Onstwedde. Se hienen in aparte barak op it Noardeastlân. Bewaking waard dien troch personiel fan de fêstewâl mar ek fan it eilân. Lykas oeral yn Nazi-Dútslân krigen se in saneamd 'Honger'rantsoen, nettsjinsteande dat der genôch oan iten op it eilân wie. Op de deistige mars tusken barak en wurkplak garren se dan ek al it ytbere, lykas deade fisken en stellen se jierapels. Guon ynwenners smiten harren út en troch wat bôle ta. Eilanner bern ruilden mei de Russen troch de mesken fan it stek stikjes bôle tsjin selsmakke boartersguod fan driuwhout. It wie ferbean en in Hilgelanner hat der om finzen sitten.

De lêste pear jierren is der mear oandacht foar it lot fan de kriichsfinzenen op Hilgelân. Dat komt benammen troch de ynspanningen fan Astrid Friederichs, dy't besiket safolle mooglik ynformaasje te sammeljen.



*Iwan Wetschernin wie in 22  
jierrige student, dy't yn July 1942  
as Leutenant finzen nommen  
waard yn de Ukrayne. Nei  
omswerfings oer tal fan kampen  
komt er yn April 1943 op  
Hilgelân telâne. Hy wie siik of  
ferwûne. Seis wiken letter stjer  
er dêr, 23 jier âld (boarne:  
[www.spurensuche-kreis-  
pinneberg.de](http://www.spurensuche-kreis-pinneberg.de)).*

In oare tsjûgenis is ta us kommen mei in ynterview mei Dik Jans út Enkhúzen (Trouw, 4 maaie 2013). De bakkersknecht waard troch de Gestapo oppakt, om't er net foar de Dútsers wurkje woe. Nei in ferbliuw op waadeilân Norderney wurdt er as twangarbeider oan it wurk set yn de Hilgelanner dûkboathaven en moast mei de hân de luchtpompen betsjinje fan de dûkers, dy't ûnder wetter skea oan 'e dûkboaten reparearren. Letter waard it wurk swierder en gefaarliker; hy moast tunnels úthouwe en seeminen bouwe. Altyd hie er honger, de wetterige koalsop wie gjin iten foar sok swier wurk. It sement en it seewetter frieten syn klean op. Op it lêst ron der yn lapen. Ienris twong de NSB-er Eickhoff út Zwanenburg, dy't bekend stie as 'De skrik fan Hollân', harren oeren lang yn de snie te stean mei de hannen omheech. Ek sloech hy de arbeiders mei syn rieme. Se fielden harren totaal ôfslúten op it iensume eilân, dat se 'Duivelseiland' nommen. Twa dienen harren tekoart troch fan de kliffen te springen. Sels ontkaam der oan de slimste ferskrikkings troch him te ferwûnen mei in houwiël en him ferplege te litten yn 'e sikeboech. Der sieten neffens him doe sa'n 400 Nederlanners op it eilân, mar ek Belgen, Russen en Italjanen yn fiif ferskate kampen. Yn maart 1945 waarden se werom brocht nei de fêstewâl. Doe't de oarloch ôfron wie, die bliken dat syn ferloofde al in oare leafde nom hie. Om't er yn de oarloch yn Dútslân wurke hie, waard der werom yn Nederlân skoudere. It makke dêrby neat út dat er der ta twong wie.

De 'folsleine oarloch' fan Goebbels syn propaganda kaam yn 1944 hieltyd tichterby it eilân. Yn oktober wie der in swiere oanfal mei ûnder oaren brânbommen. De helte fan Deelerlun stie yn 'e brân. Postkantoar en museum baarnden folslein út. De militêren makken harren ree foar de ynvaazje fan de alliearden dy't ferwachte waard. It strân waard fermine en de haven waard fol lein mei op ôfstân te betsjinjen torpedo's. Tagongen ta Bopperlun en ta de skûlbunkers waarden mei ekslosiven fermynd. Proviand foar meardere moannen waard opslein yn de bunkers om it lang úthâlde te kinnen. Hilgelân waard oantsjut as in saneamde 'Festung' en moast,

nettsjinsteande de hopeleeaze militêre posysje, forseard ta de lêste stûp fedigene wurde. Elts ferset en elste twifel waard mei geweld, de driging fan de kûgel, brutsen. De fanatike 'Festungskommandant' Roegglen wie ree syn oarders ta it lêst en mei al wat yn syn macht lei, út te fieren. De Hilgelanners moasten harren dan ek tariede op in oansteande en, sa't it like, net te kearen ûndergong.

De situaasje like no mear as hopeleas en der waard, sa't al út it ferhaal fan kapper Prüss bliken die, in smoarende terreur útoefene op elste twifelder of oarstinkende. Dochs lieten guon Hilgelanners it der net by sitte. Temûk besprutsen se it driigjend ûnk yn restaurant Friesenhaus. Ien fan harren, Erich Friedrichs, wurke foar de marine by in seinstasjon en wie goed ynformearre oer de tastân fan de oarloch. Hy wie faak op besite by dakbedekker Georg Braun op Bopperlun. Dy wenne yn in hûs neist it seinstasjon en by him holden de marinelju gesellige jûnen wylst se polityk en tastân fan de oarloch besprutsen.

Begin 1945 foarme him út it fermidden fan besoarge ynweners rûn Erich Friedrichs in fersetsgroepke. Se stellen radio-senders út ien fan de boaten fan de BAH en rjochten illegale seinstasjons yn, ien yn de apteek en ien op Bopperlun. Se namen kontakt op mei de Ingelsken en fernamen sa dat de Ingelsken fan de eilânkommandant Roegglen al meardere kearen easken it eilân oer te jaan. Fûl wegere dy eltse kear. It waard neffens harren sa wol dúdlik dat der mar ien kâns wie it eilân te rêden en it driigjend ûnk foar te kommen. Dat wie it mei in fersetsaksje alhiel útskeakeljen fan de militêre lieding en it eilân sûnder ferset oan de Ingelsken oer te dragen. Ek foarme him no in fersetsgroepke om it selskip dat byinoar kaam by Georg Braun. Dat wienen militêren. By harren wienen ek haadwachtmasters Paul Münster en Ernst Clement. Braun besocht faak it restaurant fan Friedrichs en soarge sa foar de kontakten tusken de twa groepkes.

It plan wie om de militêre lieding út te skeakeljen wilens it mienskiplike iten en dan in wite flagge op de FLAK toer, no de fjoertoer, te heisen. 18 april soe it oan gean. Münster en Clement hawwe de saak lykwols by harren mearderen ferret. Ek sa't letter bliken die, waard de geheime sender troch de Gestapo ôflústere. Roegglen ferbea it mienskiplik iten fan de offisieren en riede arrestaasjes ta. In spesjaal kommando mei Gestapo plysjes en in nazi-rjochter waarden temûk nei it eilân helle. 18 April, moarns ierebetiid, wie it dan sa fier. Alle leden fan de fersetsgroep dy't militêr wienen waarden daliks al arresteard troch harren eigen mearderen. Der waard in útgeansferbod foar it hiele eilân útfearde. Militêren stjoerden eltse boarger dy't se noch seagen daliks nei hûs. Fanôf krekt seis oere moars begjinne de arrestaasjes.

Tweintich minsken wurde arrestearde en soenen nei de fêstewâl brocht wurde.

De arrestaasjes wienen noch yn folle gong doe't der letter yn'e moarn loftalarm klonk. Lykas yn dy dagen deistige routine wie, socht elsenien syn plak yn de skûlkelders. Mar diskear soe barre wat de fersetslju fergees besochten op te kearen. Om fiif foar tolwen begong in ferhearende en hast twa oeren duorjende oanfal mei 981 Ingelske bommesmiters. Yn trije oanfalsweagen waard sawat alles op it eilân folslein ferneatige. Nei de berjochten rekken 12 boargers, 116 militêren en in net bekend tal kriichsfinzenen wei. Allen dy't de skûlkelders berikke kind hienen, hienen oerlibbe. Al sa'n tsien minuten nei it begjin fan de oanfal wie it FLAK luchtôfweargeskut al bûten wurking. It befele de Ingelske oermacht mei FLAK oan te fallen stie gelyk oan selsmoard, en hjirmei binne dan ek de measte militêren weirekke.

De Ingelske oermacht wie folslein en koe sûnder hinder syn ferneatigjende wurk dwaan. It militêre doel wie om de kustferdigening, dy't de haventagongen ta Hamburg en Bremen besleinen, yn ien kear te ferneatigjen. Yn 1944 hienen de alliearden grutte problemen om de befrijde haven fan Antwerpen te brûken, om't de swiere kanonnen op Walcheren noch altyd yn Dútske hannen wie. It wie noch net dúdlik hoe lang oft de oarloch doe noch duorje soe. Men woe perfoarst net deselde fout meitsje om Bremen en Hamburg te nimmen, mar de havens net brûke te kinnen. It eilân Wangereach is letter noch op 25 April om deselde reden bombardearre. Day raid report No. 37' fan it 'Bomber Command' fan de Royal Air Force beskriuwt it bombardemint fanút militêr perspektyf yn krekt in A4-ke (oerset):

#### **BESKRIUWING FAN DE OANFAL**

666/684 Lancasters, Halifaxes en Mosquitos fan Groep 1, 3, 4, 5, 8 en 100 fûlen it haadeilân oan, 158/160 Lancasters fan Groep 1 en 8 fûlen de marinebasis oan en 121/125 Lancasters, Halifaxes en Mosquitos fan Groep 5, 6 en 8 fûlen fleanfjild Dûne oan. Markearring wie yn it algemien goed en in tichte konsintraasje fan bombardearjen wie berikke. 10/10 Mosquitos fan Groep 8 tsjinnen as rûte markearders.

#### **RISSELTATEN FAN DE OANFAL**

Hilgelân, haadeilân: It doel wie geskut en militêre ynstallaasjes te ferneatigjen. Sawat it hiele eilân is bedutsen mei in grutte konsintraasje kraters en in heech persintaasje fan de gebouwen hjir ferneatige en sawat alle oaren beskeadige. Kanonnen binne ferneatige en beskeadige en in grutte ûndergrûnse oalje opslach is ek beskeadige.

Marine basis: It doel wie geskut en marine ynstallaasjes te ferneatigjen. Swiere skea is oanbrocht

oan marine ynstalaasjes en gebouwen yn dit gebiet. Strekdamen, kades, kade-kanten en dûkboat bunkers binne beskeadige en de measte gebouwen ferneatige. Ferskate skepen yn de bûtenhaven, dûkboathaven en yn in lytsere haven nei it noarden ta binne sonken of beskeadige.

Dûne fleanfjild: Doel wie it om it geskut en de fleanfjildfoarsjennings te ferneatigjen en de banen te bekraterjen. Hûnderten kraters binne sjoen op it fleanfjild en tusken de barakken, wurkpleatsen en opslachgebouwen súdlik en wêstlik der fan. In protte fan dizze gebouwen binne ferneatige of swier beskeadige en beide banen binne net brûkber. Twa kanonneplatfoarms binne ferneatige en wat skea is oanbrocht oan de foarsjennings fan de batterij.

Fijannige fedigening: Us bommewerpers wienen eskortearre troch 12 Mustangs en 10 Spitfire squadrons, mar gjin fijannige jachtfleantúchopposysje is tsjinkaam, nettsjinsteande dat de luchtfloat foar it earst opmurken wie 2/2 oeren [Yn it foar?] en fijannige jachtfleantúgen rapportearre wienen boppe Súd-Denemarken en yn de omkriten fan Oldenburg. FLAK oer it eilân wie licht en krekt by it begjin fan de oanfal, mar waard te ferwaarleazjen wilens de oanfal duorre.

Slachtoffers: Twa fan de trije Halifaxes dy't ferlern binne, binne delsketten troch FLAK yn it doelgebiet. It oare tastel stoarte del yn see op de weromtocht mei syn motoaren yn 'e brân, de oarsaak fan de brân is net bekend.

Ek al wienen der relatyf weinich boargerslachtoffers, it minsklik drama wie grut. It eilân, al ieuwen it thús en wenplak fan de Hilgelanners, wie oars net as in bulte pún wurden. Oeren lang sieten de ynwenners yn de kelders stil harren deads-eangst te ferbiten wilens de swiere bommen op de rotsen beukten. Doe't it foarby wie slagge it inkelden om mei muoite tefoarskyn te kommen út de skûlkelders. Se wienen ferbjustere en waarden oars net gewaar as in moannelânskip mei kraters en bergen hout- en stienpún. De oanblik moat traumatisearjend west hawwe. Fan de fiskersboaten wie net folle mear oer as op it wetter driuwende stikken hout en mêsten. De oaljeopslach stie yn 'e brân. De measte minsken moasten foarearst yn de kelders bliuwe, om't der neat oars mear oer wie om yn te ferbliuwen. Wenje op it eilân wie net mear mooglik, alles wie stikken of fuort.

Nettsjinsteande de apokalyptyske ferneatiging fan Hilgelân, liet it gesach him yn al syn grouweligens noch altyd jilde. De arrestanten waarden, ek al wie it bombardemint yn folle gong, fêsthouden yn in bunker. It is net bekend of de mislearre fersetsaksje, de arrestasjes en it bombardemint in ferbining hienen. It is ferliedlik te tinken, mar wy moatte ús oan de bekende feiten hâlde. Fjirtjin arrestanten waarden daliks de oare moarne, de 19e april, nei de festewâl brocht.

Fiiif fan harren waarden nei in koart showprosés twa dagen letter eksekuteard yn Cuxhaven.

Der folge om fiiif oere middeis noch in Ingelske oanfal, diskear allinne mei swiere bunkerbommen, sa'n 30 oant 40 stiks. It loftalarm wurke net mear, dat dat wie noch in ferasing.



*Alle militêre doelen wiene berikke, alle tariesings om fan Hilgelân in net te nimmen 'Festung' te meitsjen wienen om doch. Nei it bombardemint is der fan it âlde Hilgelân neat mear oer as in ûnbewenber en gefaarlik moannelânskip.*

Roegglen, de eilânkommandant, befoel no de befolking te evakuearjen. Op 20 april, de oare deis, wie it sa fier. De minsken ferbleaunen doe al twa dagen yn de bunkers, want oar plak wie der net. Eltsenien mocht allinne wat persoanlike dingen meinimme, mar de measten hienen dochs net mear as wat se yn de skûlkelders al by harren hienen. Se mochten net mear sjen op it plak fan harren hûzen. De militêren krigen te hearren dat de befolking nea wer werom komme soe op it eilân, dus eltsenien besocht dochs mar mei te nimmen wat er koe. It wie wol dúdlik dat it eilân meikoarten troch de Ingelsken beset wurde soe en de kâns op weromkommen minimaal. Yn de dagen dy folgden, by it ûntbrekken fan tafersjoch, waard der plundere.

## **5.12 - In Ingelsk militêr spoekelân**

Op 8 Maaie wie de kapitulaasje. It ferskriklike Nazi-rezjym wie net mear. De measte fan de 3200 militêren waarden nei de fêstewâl brocht. Op 11 maaie besetten Ingelske troepen it eilân. De lêste militêren en in hânfol boargers dy't der ek